

kunnen maken van het belangrijke notenapparaat en niet te vergeten de literatuurlijst van De Vries.

Bovenstaande kanttekeningen zijn niet bedoeld om afbreuk te doen aan de kwaliteit van dit gedegen proefschrift. Wel om geïnteresseerde lezers verder aan het denken te zetten. Wat bewoog sommige ouders uit de negentiende en de twintigste eeuw om zich in te zetten voor het bijzonder onderwijs en in het kielzog daarvan voor prot.-chr. onderwijzersopleidingen? Welke identiteitsinvulling stond hen daarbij voor ogen? Van de historisch-pedagoge Lea Dasberg is de bekende metafoor afkomstig dat een automobilist eerst in zijn achteruitkijkspiegel kijkt (de historie) teneinde verantwoord vooruit te rijden (de pedagogiek). Met andere woorden: elk historisch-onderwijskundig/pedagogisch onderzoek is te vergelijken met een ellips met twee evenwaardige brandpunten; anders is de ellips geen ellips. Het brandpunt van de historie wijst naar het verleden en het brandpunt van de pedagogiek is per definitie toekomstgericht, namelijk: hoe moet je verder met deze jeugd? Naar deze studie van De Vries toe vertaald: uit de beschrijving van de wijze waarop in de loop der tijden vorm is gegeven aan de invloed van de levensbeschouwing op het onderwijs, zijn bouwstenen te vergaren voor de uiterst actuele discussie over de relatie tussen het openbaar en het bijzonder onderwijs anno 2006 (artikel 23 van de grondwet).

De dissertatie van Gerben de Vries is een kloek onderwijs-historisch boekwerk dat staat als een huis. Van harte aanbevolen voor alle basisschoolleiders in het algemeen en voor alle schoolbestuurders en beleidsmedewerkers in Friesland in het bijzonder!

Bert Stilma (Amsterdam)

Birgit Kellner (2002)

Reformen und Experimente in der friesischen Orthographie nach 1945 (= Estrikken/Ålstråke 77). (Grins/Groningen: Frysk Ynstitút RUG en Kil/Kiel: Fach Friesische Philologie/Nordfriesische Wörterbuchstelle, ISSN: 0921-7657, ISBN: 3-00-010746-0, 240 s., € 13,50).

It giet hjir om in 'nur unwesentlich' feroare Magisterarbeit fan 1995 yn it ramt fan 'e stúdzje Frysk oan 'e Christian-Albrechts-Universität te Kiel.¹

It boek begjint mei in 'Vorbemerkung' en in ynlieding. Haadstik 1 jout in ynlieding oer algemiene aspekten fan stavering en staveringseroaring. Yn haadstik 2 giet it om grûnslach en ferrin fan staveringseroaring en eksperiminten yn it Frysk. De haadstikken 3 oant en mei 7 binne wijd oan de strukturele aspekten fan 'e Fryske staveringen (3), stavering en lûdferoaring (4), stavering en dialektferskillen (5), stavering en taalidentiteit (6) en it skriuwen fan frjemde wurden (7). Haadstik 8 jout de konklúzjes. Yn in taheakke stiet in oersjoch fan 'e ferskillen tusken de Akademystavering fan 1945 en de Steate-

stavering fan 1980, wylst der ek omtinken is foar alternative útstellen: Utstel I (1968), Utstel II (1968), it útstel fan Jörgensen (1958) en Trinus Riemersma syn eigen stavering (santiger en tachtiger jierren fan 'e foarige ieu). It boek beslút mei in 'Verzeichnis der zitierten und verwendeten Literatur'.

It giet yn dit boek, hiel algemien, om 'e fraach wat in *optimale* stavering fan it Frysk wêze kin. In optimale stavering is net itselde as de ideale, lit stean de perfekte stavering. Kellner wit mar al te goed, dat it net tafalt om in stavering te meitsjen. Der moat nammentlik oan gâns, faak tsjinstridige, easken tagelyk foldien wurde, sa't Anneke Neijt nei oanlieding fan dit boek sa moai sjen lit (sjoch har artikel 'Optimaliteit van hervormingen en experimenten in de Friese orthografie', *Us Wurk*, jiergong 54, 2005, jefte 3-4, side 168-183). Sa kin de Fryske stavering út in each fan gemak en gewoante it bêste safolle mooglik by de Nederlânske oanslute, en moatte wy *fan de* en *yn de* skriuwe. Mar sil er wat fan 'e eigenheid fan it Frysk neffens it Nederlânsk útdrukke, dan moat der krekt ôfstân nommen wurde, en moat it krekt *fan 'e* en *yn 'e* wêze. In stavering moat goed oan te learen wêze, dat stiet foarop, mar dat hoecht foar skriuwen en lêzen net gelyk te lizzen. En al moat in stavering de útspraak sa goed mooglik werjaan, der kin ek wer net tefolle gebrûk makke wurde fan diakrityske tekens (dakjes, streekjes, dielteken), want dat is lestich om oan te learen en smyt in drok wurdbyld op. Boppedat is der ek gâns foar te sizzen om ien en itselde morfeem altyd gelyk te staverjen, al giet dat dan yn guon gefallen ek tsjin 'e útspraak yn. Sa wurde bygelyks *bliid* en *blydskip* mei in *t* útsprutsen, mar fanwegen it ferbân mei *blider* en *blidens* is de stavering mei *d* net ferkeard. Datoangeande is der in moai eksimpel út 'e staveringssskiednis fan it Skiermûntseagersk by te bringen. D. Fokkema Sr. sleat yn syn stavering moai ticht by de útspraak oan. Krekt as yn it Frysk is de *r* fan it foarheaksel *fer* yn it Skiermûntseagersk stom foar in bylûd (útsein *h*). Dat waard yn Fokkema syn stavering honoarre, dat it wie bygelyks *febaun* (*ferbân*), *fekaijje* (*ferkeapje*), *ferone* (*ferrinne*) neist *fereurje* (*feroarje*), *feriite* (*ferite*) en *ferhelje* (*ferhelje*). Op oanstean fan 'e eilanner 'taalplúech' is yn it nije Skiermûntseager wurdboek de *r* fan *fer* altyd skreaun. Dat waard makliker en logysker achte, ek al is it net neffens de útspraak. Der is hjir dus keazen foar it morfologyske prinsipe c.q. it prinsipe fan 'e lykfoarmichheid en de analogy. In beskate graad fan abstraksje liket dus syn foar te hawwen en de taalbrûkers lykje dy skoan oan te kinnen.

Omdat der oan safolle easken foldien wurde moat, is in stavering yn 'e praktyk altyd in kompromis, dêr't Kellner op ûnderskate plakken op wiist. Dat jildt ek foar de útkomst fan in staveringsferoaring. Kellner jout in oersjoch fan wat him op dat mêd foar it Westerlauwersk Frysk en it Noard-Frysk ôfspile hat. Se kiest dêrby net partij foar de iene of oare 'rjochting', mar stiet oan op uterste foarsichtichheid. By ús woenen foarstanners fan in fierder geande staveringsferoaring it fonologyske prinsipe – foar elk foneem is der ien staveringsteken en elk staveringsteken korrespondearret mei ien foneem – mear syn gerak jaan. Neffens Kellner is dat prinsipe lykwols net hillich en hat it syn beheiningen. Sosjo-kulturele en nasjonaal-kulturele faktoaren spylje by

it oannimmen of fersmiten fan in (nije) stavering nei alle gedachten in folle gruttere rol as de 'technyske adekwatens' fan de oanbelangjende stavering sels. Fierders moat der ek rekkene wurde mei it lytse tal lju dat Frysk skriuwt; dy't dat dogge, hawwe der meast sa'n sin by, dat se elke stavering treast binne. En as lêste, haw de emoasjes ek net op neat. Mei in staveringsferoaring komt men oan it âldbewende, oan 'wat altyd al sa west hat'. Dat leit gevoelich. Der wurdt om sa'n feroaring hinne altyd fûleindich harsensskrabe, net liker as komt men oan 'e lju sels. Rasjonele arguminten helpe dan net.

Mar men hie hjir fan Kellner dochs ek in eigen stânpunt ferwachtsje meien. Se neamt de faktoaren dy't by stavering in rol spylje en ropt op om hoeden mei staveringsferoaring om te springen. Mar is der dan neat oer graden fan optimalens te sizzen? Hat Tony Feitsma bygelyks hielendal ûngelyk, wannear't se úthâldt: 'De ynkonsekwentens fan de stavering is in neidiel foar it selsbetrouwen by it skriuwen en dêrmei foar it skriftlik gebrûk fan it Frysk en boppedat noch foar de kwaliteit fan de útspraak. De âlde Fryske staveringstradysje stiet net allinne de kwaliteit fan it Frysk mar ek it ûnderwiis en it brûken fan dy taal knap yn 'e wei' (*In skiednis fan 'e Fryske taalkunde*, 1999, side 170). Kellner hat har sa't it liket net oan al te eksplisite útspraken baarne wollen.

Hieltyd wurde de Fryske en de Noard-Fryske sitewaasje mei-inoar ferlike. It is mar de fraach, oft dat wol sa yn 'e reden leit. It giet by beide om Frysk en by beide spilet in oanbuorjende taal – Nederlânsk of Dútsk – in grutte rol, ek op it stik fan 'e stavering (de buortaal oankrûpe of der krekt ôfstân fan nimme). Mar dêr hâldt it dan ek wol mei op. Fierders binne der inkel ferskillen. Yn Fryslân is der in folle langere skriuwttradysje as yn Noard-Fryslân. Giet de nei-oarlochske diskusje by ús om it *feroarjen* fan 'e stavering, yn Noard-Fryslân moat dy faak noch oer it *ynstellen* fan in stavering gean. De dialekt-ferskillen binne yn it Frysk sa lyts, dat standerdisearring gjin grut probleem is, wylst it Noard-Frysk dialektysk sa fersplintere is, dat der fan in standert gjin sprake wêze kin. It Frysk hat folle mear fan in kultuertaal as it Noard-Frysk. Ien en oar hat grutte gefolgen foar de mooglikheden fan it meitsjen en feroarjen fan in stavering. In ferliking fan it Frysk mei in oare lytse taal hie de Fryske sitewaasje folle better útkomme litte kinnen.

Nettsjinsteande dizze beswieren moat Kellner har boek as in oanwinst foar de frisistyk beskôge wurde. It jout in breed oersjoch fan wat mei stavering en staveringsferoaring anneks is. Diskusjes dêroer wurde faak op libben en dea útfochten, krekt dêrom komt Kellner har nofteren en relativearjende toan jin sa noflik oan. Foar elk dy't him mei de Fryske stavering dwaande hâldt, is dit boek ferplichte kost.

Willem Visser

1. De staveringsproblematyk fan in lytsere taal hat Kellner nei 1995 net los litten, want yn 2002 is se promovearre op *Zwischen Anlehnung und Abgrenzung. Orthographische Vereinheitlichung als Problem im Niederdeutschen* (ferskynd by Winter yn Heidelberg).